

ûnderbou

# BERNEBOEKEWIKE

By ús thús

---



Bêste kollega's,

Yn dit magazine fine jimme in ferskaat oan aktiviteiten dy't oanslute by de lanlike Berneboekewike 2023. It tema dit jier:

**By ús thús**

Der steane trije Fryske boeken sintraal, foar elke bou in boek:

**ûnderbou: Buorman Brombear**  
**middenbou: Abe en de Aardichman**  
**boppebou: Lampke**

As earste fine jim in suggestje foar in iepeningsaktiviteit fan 'e Berneboekewike foar by jim op skoalle. En fia 'verhalend ontwerp' wurdt in ferskaat oan taalaktiviteiten oanbean. Mei de boeken en aktiviteiten kinne jim it Frysk en meartaligens in plak jaan by jim op skoalle. Dit magazine en de oanfoljende materialen kinne jim fine op:

[www.inspirerendmeertaligonderwijs.nl](http://www.inspirerendmeertaligonderwijs.nl)

In soad wille en in ynspirearjende groet,

*Afûk: Tjitske van Dijk*

*Bibliotheek Drachten: Marije Remmelts*

*Cedin: Tjitske van Akker en Bert v/d Lijn*

*Fers: Janneke Straatsma*

*Lectoraat M&G NHLStenden: Klarinske de Roos, Anja Morsink, Liesbeth de Boer, Janke Singelsma en Jolanda Verhoef*



# YNHÂLDSOPJEFTE INHOUDSOPGAVE

Iepeningsaktiviteit Berneboekewike  
Toanieltekst

side 4  
side 5, 6

## Fryske útlis

- |   |             |
|---|-------------|
| 1. 'Verhalend ontwerp' - eftergrûnynformaasje | side 7      |
| 2. Meartaligens - eftergrûnynformaasje        | side 8      |
| 3. Start-episoade                             | side 9, 10  |
| 4. Episoade 1                                 | side 11     |
| 5. Episoade 2                                 | side 12, 13 |
| 6. Episoade 3                                 | side 14, 15 |
| 7. Ofslutende episoade                        | side 16, 17 |

## Nederlandstalige uitleg

- |  |            |
|--|------------|
| 1. 'Verhalend ontwerp' - achtergrondinformatie | blz 18     |
| 2. Meertaligheid - achtergrondinformatie       | blz 19     |
| 3. Start-episode                               | blz 20, 21 |
| 4. Episode 1                                   | blz 22     |
| 5. Episode 2                                   | blz 23, 24 |
| 6. Episode 3                                   | blz 25, 26 |
| 7. Afsluitende episode                         | blz 27, 28 |

## Bijlage

- |            |             |
|------------|-------------|
| 1. Brieven | side 29, 30 |
| 2. Kaarten | side 31     |



# IEPENING BERNEBOEKEWIKE

*Mei in toanielstikje de Berneboekewike iepenje, dat is altyd in sukses. Alle bern fan groep 1 o/m groep 8 komme by elkoar om te sjen hoe't learkrêften in brombear, in famke of jonkje spylje. In soad wille tawinske!*

## **Ferhaalskets:**

In ferteller nimt it publyk mei yn de boeken Buorman Brombear, Abe en de Aardichman en Lampke. De trije haadpersoanen komme elkoar tsjin by in bankje. Se reitsje meinoar oan 'e praat en it publyk leart se in bytsje kennen. Troch it petear komme wy derachter dat alle personaazjes yn in situaasje sitte dy't mei it tema fan de Berneboekewike te krijen hat: 'By ús thús'.

## **Personaazjes:**

- Buorman Brombear – Bear hâldt derfan om allinne te wêzen. Der komme nije buorlju. Dêr fynt Bear neat oan. Hy wurdt der prottelich fan.
- Abe – Abe is krekt ferhuze en fynt dat hiel spannend. Hy is ferlegen.
- Lampke – Lampke wennet yn in fjoertoer mei har heit. Sy is in frij famke, selsstannich, dreamerich. Se makket hieltyd it bêste fan de situaasje dêr't sy yn telâne komt.
- Ferteller

## **Nedich:**

- Boek: Buorman Brombear
- Boek: Abe en de Aardichman
- Boek: Lampke
- Kuorke of boadskiptas (foar Lampke)
- Stepke of lyts fytske of sokssawat (foar Abe)
- Pot huning en in pear earen op 'e kop (foar Brombear)

## **Setting:**

Der stiet in bankje of in rychje stuollen op it poadium.



# TOANIELTEKST

## Sêne 1

*(Ferteller komt op mei trije boeken yn 'e hannen.)*

**Ferteller:** Hoi allegear! Sjoch ris wat ik by my ha? Trije boeken. Hiele ferskillende boeken. Mar dochs ha se allegear wat mei-elkoar te krijen. Hoe? No, litte wy ris yn 'e kunde komme mei de haadpersoanen. Oh, ik sjoch Lampke al oankommen. Lampke wennet yn in fjoertoer, yn in tiid dat der noch gjin elektrisiteit wie...

*(Lampke komt fluch oanrinnen mei in kuorke of boadskiptas. Se giet midden op it bankje sitten. De ferteller giet nei de sydkant fan it poadium.)*

## Sêne 2

*(Lampke suchtet eefkes djip, sy moat eefkes bykomme. Tsjin it publyk:)*

**Lampke:** Poeh, hehe. Ik moat nei de winkel, mar earst even bekomme. Ik moat lúsjefers helje foar de fjoertoer. Ik wenje yn de fjoertoer mei ús heit. Ik moat him altyd helpe om it ljocht oan te stekken. Dat is hiel belangryk, want as it ljocht net oan is, witte de skippen net wêr't it lân is en dan komme sy yn gefaar! Ik mei it dus noait ferjitte! En no binne de lúsjefers op. Dus moat ik nije helje.

## Sêne 3

*(Bear komt oanrinnen. Hy prottelet yn himsels. Hy suchtet.)*

**Bear:** Manman... einliks eefkes allinne! Eefkes rêst! *(Nei it publyk, soarchlik:)*

Binne hjir ek kninen? Fan dy brutale pluzige droktemakkers? Nee? Gelokkich mar, want dy binne dus krekt neist my te wenjen kommen. Ik ha totaal gjin rêst mear! Hielendal neat! En ik hie it altyd sa lekker, lekker allinne. Ik waard hielendal gek fan dy kninen, dêrom bin ik mar eefkes te kuierjen gien. Eefkes lekker hielendal allinne! En dan kin ik no moai eefkes hielendal allinne op it bankje sitte, hearlik...! *(Draait him om nei it bankje en sjocht Lampke.)*

O, nee sis! Der sit al ien! Is der dan net ien plak dêr't ik eefkes allinne wêze kin?

## Sêne 4

*(Lampke hat nei Bear sitten te sjen. Sy hat wol yn de gaten dat hy graach wat romte ha wol. Se skoot op, sadat Bear derby kin en winkt útnûgjend nei Bear. Bear komt tichter by en giet op it puntsje fan it bankje sitten, safier mooglik by Lampke wei. Hy bliuwt wat yn himsels protteljen.)*

## Sêne 5

*(Abe komt op mei in stepke oan 'e kant dêr't Bear sit. Hy nûnderet wat yn himsels. As er it bankje mei Lampke en Bear sjocht, stoppet er en bliuwt op in ôfstantsje stean. Hy fertrout it net hielendal en doart der net by sitten te gean.)*

## Sêne 6

*(De ferteller komt nei foaren.)*

**De ferteller:** Hee sjoch, dat is Abe. Hy is krekt ferhuze. Syn heit en mem binne drok met útpakken en ynrjochtsjen en Abe rint thús wat yn it paad. Abe is nochal ferlegen en alles is hjir nij. Hy freget him fan alles ôf: Wat is hjir allegear te dwaan? Binne de bern hjir wol aardich? Kin ik hjir wol nije freonen fine?

*(Ferteller wer nei de sydkant.)*



## Sêne 7

*(Lampke hat wol yn 'e gaten dat Abe net sa goed doart. Se besiket him op syn gemak te stellen troch freonlik nei him te swaaien.)*

**Lampke:** Hoi! Wat hasto in moaie step! Dat is super handich sis, dy soe ik ek wol ha wolle. *(Abe komt skrutten in bytsje tichter by. Hy giet mei in bôge om Bear hinne, nei de kant fan Lampke. Hy giet net sitten. Lampke giet fierder:)* Mei sa'n step bin ik folle flugger by de winkel. Ja, ik moat nei de winkel, ik moat lúsjeifers helje foar de fjoertoer. Want ik wenje yn de fjoertoer. Wêr wennesto?

## Sêne 8

*(Bear is sa yn himsels dat er Abe net sjoen hat en hy tinkt dat Lampke tsjin him praat. Hy begjint te protteljen.)*

**Bear:** No, ik wenne lekker allinne, mei net ien om my hinne, hearlik rêstich! Mar no binne dus dy kninen neist my te wenjen kommen. Dy droktemakkers... Ik ha gjin momint mear foar mysels. Grrr!

**Lampke:** Hielendal allinne? Ik wenje yn de fjoertoer, tegearre mei ús heit. Ik moat him helpe mei it ljocht fan de fjoertoer. Dat is hiel belangryk wurk! Ik soe net allinne wenje wolle, ik fyn it hiel fijn tegearre mei ús heit. *(Tsjin Abe.)* En do? Hoe wennesto?

**Abe:** Ik, ik wenje hjir noch mar krekt. Dêr... *(wiist yn de rjochting fan de sydkant fan it poadium)* Mei ús heit en mem. Ik, ik wit it noch net sa goed. Hoe't it yn it nije hûs is. En yn ús nije buert... Wy ha no wol in grutte tún. En in moaie skommel. *(sêft:)* Ik hoopje mar dat de bern hjir ek aardich binne... *(Alle trije sjogge se eefkes yn gedachten foar harren út.)*

## Sêne 9

**Lampke:** *(Sjocht nei de loft en skrikt ynienen op.)* Oei jonges, sjoch ris nei de loft! Der komt in skip mei soere appels oan. Wat in donkere loft! Ik moat gau de lúsjeifers helje, foardat dat minne waar hjir is! *(Tsjin Abe.)* Miskien kinsto better ek nei hûs ta gean.

*(Abe knikt en giet mei de step rjochting syn hûs)*

**Abe:** Eh, ja, hoi! *(Lampke en Abe geane ôf, elk in oare kant út. Bear bliuwt noch eefkes sitten en sjocht nei de loft.)*

**Bear:** Soere apels? Soere appels? O, in donkere loft mei min waar... Hee, mar mei min waar bliuwe dy ferhipte kninen fêst wol yn harren hol! Dan kin ik moai in apeltaart bakke, sûnder dat sy my lestich falle. Hearlik! *(Bear giet ôf.)*

## Sêne 10

*(Ferteller komt op)*

**Ferteller:** Lekker rêstich allinne wenje, krekt ferhuze mei heit en mem, yn in fjoertoer mei heit: liket dat ek op hoe't it by jim thús is? *(evt.: By my thús... koarte persoanlike skets fan de ferteller).* Jim witte no wat mear oer de haadpersoanen fan de boeken. Sy ha jim no al wat ferteld oer hoe't it by harren thús is. En dat is ek it tema fan de Berneboekewike: 'By ús thús'. Yn de klasse geane jim der fierder mei oan 'e slach. *(Boek Buorman Brombear omheech hâlde.)* Wat is foar dy in fijn thús? *(Boek Abe en de Aardichman omheech hâlde.)* Wat soesto nedich hawwe om dy thús te fielen op in nij plak? *(Boek Lampke omheech hâlde.)* Op watfoar bysûnder plak soesto wenje wolle? In soad wille allegear!





# 'VERHALEND ONTWERP'

Dit jier binne de taalaktiviteiten net allinnich keppele oan in tema en in Frysk boek, mar ek oan in 'verhalend ontwerp'. It tema is dit jier 'By ús thús' en slút oan by it lanlike tema fan de Berneboekewike. It Fryske boek foar de ûnderbou is 'Buorman Brombear'.

By 'verhalend ontwerp' giet it om it ûndersykjend learen. Belangryk dêrby is dat in learkrêft rike taalgebrûkssituaasjes kreëarret mei spesifike taaldoelstellingen. It kreëarre probleem ('it barren') nûget út om mei-inoar nei te tinken, te praten, te oerlizzen, te lêzen en te skriuwen. By in 'verhalend ontwerp' is in rike learomjouwing belangryk. Tink dêrby - neist it ynrjochtsjen fan it lokaal - ek oan bgl. it útnûgjen fan in ekspert yn de klasse of oan in ekskurzje.

By 'verhalend ontwerpen' wurdt der wurke mei episoades, elk mei in eigen doel:

1. Start-episoade. Doel: yntroduksje fan de haadpersoan. De bern meitsje de haadpersoan faak yn it grut, sadat dy yn de klasse goed sichtber is.
2. Episoade 1, 2, 3, ... Doel: it ûnder de oandacht bringen fan hieltyd wer in nij probleem, in kwestje. Kinne de bern in oplossing betinke? Yn in iepen petear, in dialoach, moatte de bern harren mieningen en ideeën ferwurdzje oan de hân fan ûndersykjende fragen lykas 'wat soe der no barre moatte...' of 'hoe kinne wy... helpe om...'
3. Ofslutende episoade. Doel: ein goed, al goed. It ferhaal rint goed ôf en de bern kinne de âlders útnûgje om it te fieren. Dêrby kinne se alles sjen litte of fertelle wat se makke en betocht ha.

Elke episoade start mei in barren: in probleem dat de bern nijsgjirrich makket, oan it tinken set en útnûget ta ûndersyk. Dêrby stean kaaifragen sintraal. Dat binne fragen dy't de bern oan it tinken sette en dy't útdaagje om in oplossing foar in probleem te finen. It probleem kin oplost wurde troch ferskillende learaktiviteiten.





# MEARTALIGENS

Yn projekten, wêrby't learlingen neitinke moatte en mei-inoar oerlizze moatte, hat meartaligens en it brûken fan de memmetaal (Frysk) in essinsjele mearwearde foar it learen. Op guon skoallen, lykas de trijetalige skoallen yn Fryslân, hat ek it Ingelsk in prominint plak yn de klasse.

Dochs sjogge wy dat yn projekten faak allinne it Nederlânsk brûkt wurdt en dat it Frysk (en it Ingelsk) amper oan bod komme. Ek sjogge we dat der amper oandacht is foar de oare thústalen fan de bern. En dat wylst in goede behearsking fan de memmetaal (bgl. it Frysk) in posityf effekt hat op de ûntwikkeling fan de twadde taal (it Nederlânsk). Meartaligens hat boppedat in positive ynfloed op ûnder oaren it kognityf funksjonearjen en dêrneist wurde minsken dy't op iere leeftyd in twadde of tredde taal leare hjir feardiger yn as minsken dy't dêr pas op lettere leeftyd mei starte.

Hokker taal der wannear brûkt wurdt yn it projekt, hinget fansels ûnder mear ôf fan de fyzje en it taalbelied fan de skoalle en fan de taaleftergrûn en it feardigensnivo fan learlingen en learkrêft. Nim dat foaral mei yn de tarieding fan it projekt en de ferskillende fazen. In kringpetear kin yn it Frysk fierd wurde en in feestliet kin ek Ingelsktalich wêze. Kies by elke aktiviteit in taaldoel en in ynhâldsdoel.

## Taaltips

- Praatsto sels gjin Frysk? Stimulearje bern just wól om Frysk te praten.
- Stimulearje de bern om de talen te ferlykjen: Pankoek? Dat is grappich: yn it Nederlânsk is it pannenkoek. En kok is yn it Frysk en Nederlânsk gelyk.
- Skeakelje in Frysktalige learling yn as coach, dy't sa no en dan in fraach of antwurd yn it Frysk of Nederlânsk oerset.
- Wurkje de bern yn groepkes? Soargje dan dat der sa mooglik in Fryske learling yn elk groepke sit.
- Is it Frysk foar guon noch dreech? Lit de bern in aktiviteit dan earst yn it Nederlânsk dwaan en set it dêrnei oer nei it Frysk.
- Meitsje as taalstipe in wurdfjild op it boerd.
- Harkje mei de bern nei de Ingelske ferzje fan it boek:  
<https://www.youtube.com/watch?v=ArGov1bnCIU>





# START-EPISSOADE



## STAP 1 IT BARREN

Der leit in skilderijke yn 'e klasse mei dêrop de ôfbylding út it boek fan Buorman Brombear: 'Oeral thús, mar thús it bêste'. De bern binne fêst nijsgjirrich. Stimulearje dit. Wat wolle se allegear witte oer dit skilderij? Sjoch stap 2.

## MATERIAAL

Kopy fan it skilderij yn in fotolistje.  
Evt. kopyen fan it skilderij foar alle groepjes.

## STAP 2 KAAIFRAGEN

Gean mei de bern yn petear oer:  
-Fan wa is it skilderij?  
-Hoe komme we dat te witten?



De bern komme mei ideeën. Stjoer it petear sa dat der besluten wurdt om ris hiel goed nei it skilderij te sjen. Sjoch taalaktiviteit 1 Besjoch it Mar!

## STAP 3 TAALAKTIVITEIT 1: BESJOCH IT MAR!



### 1. Ferwûnderje

Set it skilderij op it digi-boerd of kopiearje it foar elk groepke. Lit de bern yn groepkes fan trije ien minút yn stilte de foto besjen.

### 2. Undersykje

Lit de bern in persoan, objekt of elemint út de foto kieze. Lit de bern fanút dat perspektyf wat fertelle yn de foarm fan in riedsel mei help fan de sin: 'Rara wa of wat bin ik? Ik bin...'.

Kinne de oaren fan it groepke riede wa of wat se binne?

Tip: Wolle se noch in oar persoan, objekt of elemint kieze?

Eksperimintearje dêrmei.

### 3. Beprate yn de grutte groep

Fan wa soe dit skilderij wêze? Wêrom tinkst dat?





### **MATERIAAL**

In boarters-hûshoeke om yn te rjochtsjen mei kleedsjes, meubels, teepot, kopkes, ensfh. In rôle behang of grut stik karton fan ûngefear twa meter lang, wasko of oaljepastelkryt, grutte stikken papier, kleurd papier of echte klean.



### **STAP 4 TAALAKTIVITEIT 2: LIT DY GEAN**

#### **IT HÛS FAN BROMBEAR**

Lit de bern in gesellich hûs foar Brombear meitsje yn de boarters-hûshoeke. Hingje it skilderij deryn. Dit hûs wurdt yn it projekt hieltyd moaier makke mei materialen. Der kin yn de klasse ek in hûs foar de kninen makke wurde.


#### **BROMBEAR**

Gean sels as learkrêft op it stik papier lizzen en lit de learlingen fan dyn figuer de omtrek meitsje mei wasko. Besjoch mei de learlingen de omtrek. Liket it op in bear? Wat is der noch nedich om der in bear fan te meitsjen? Lit de learlingen Brombear meitsje troch fan de omtrek in bear te meitsjen. Tink dêrby oan eagen, in snút, earen en klauwen. Klaai de bear oan mei skuorde stikken papier (de trui, broek, muts). As de bear fan dik karton makke wurdt en útknipt mei 'losse' earms en skonken, dan kin hy ek oanklaaid wurde mei echte klean. Jou Brombear in plakje yn syn hûs.





# EPISOADE 1 - WAT IS IN NOFLIK HÛS?



## STAP 1 IT BARREN

Der leit in brief. Brombear wol syn skilderij ophelje en ek wol in nachtje yn de hûshoeke sliepe. Mar hy freget him ôf oft er him dêr wol thús fiele sil...  
Gean mei de bern yn petear. Sjoch stap 2.

## STAP 2 KAAIFRAGEN

-Hoe kinne wy derfoar soargje dat Brombear him thúsfielt by ús op skoalle?  
-Wat is 'dy thúsfieler'?  
De bern komme mei ideeën. Stjoer it petear sa dat alle ideeën fan bern wichtich binne. Dat kin troch der mei elkoar oer te filosofearjen. Sjoch Taalaktiviteit 1 Tink dy tûk!



## Materiaal

It skilderij  
'Oeral thús, mar thús it bêste'.  
Brief 1 (sjoch lêste side)

## STAP 3 TAALAKTIVITEIT 1: TINK DY TÛK!



Gean yn in de rûnte sitten. Kies ien fan ûndersteande filosofyske fragen. Jou bern tinktiid, lit se op inoar reagearje. Freegje troch nei it argumint achter in antwurd. Bliuw net hingjen yn persoanlike antwurden. Jou sels gjin miening. Besef dat der gjin goed antwurd is. Is de keazen fraach genôch fan alle kanten besjoen? Meitsje dan in gearfetting fan de antwurden en kies in oare filosofyske fraach.

Ynlieding: Brombear wol dus wol graach by ús yn 'e hûshoeke sliepe, mar hy is bang dat er him dêr net thúsfieler sil. Wannear soe Brombear him wol thúsfieler? Wat is 'dy thúsfieler'? Op it skilderij stiet 'Oeral thús, mar thús it bêste'.

- Kinst dy allinnich thús thús fieler?
- Hokker gefoel heart by thús fielen?
- Wat hast nedich om dy earne thús te fielen? (Minsken, buorlju, bisten, grut hûs, moai hûs, djoer hûs, gesellich hûs, telefyzje, tún, ...?)
- Kin dyn hûs oeral stean om dy thús te fielen?
- Is taal nedich om dy thús fieler te kinnen?
- Hoe wurdt in nij hûs wer in thús?
- Kinst dy yn in oar hûs thús fieler?
- Kinst lokkich wêze sûnder thús?
- Fielst dy thús altyd dysels?

Lit de bern de boartershoeke feroarje en útwreidzje mei de wiisheid dy't opdien is mei it filosofearjen.





# EPISOADE 2 – NIJE BUORLJU



## STAP 1 IT BARREN

Der leit post yn 'e klasse. It is in entûsjast ferhúsberjocht fan de kninen. Sy komme neist Brombear te wenjen. Sy freegje oan de learlingen hoe't sy goede buorlju fan Brombear wurde kinne. Gean yn petear mei de bern mei stap 2.



## Materiaal

Brief 2

De ferhúskaart fan de kninen.

## STAP 2 KAAIFRAGEN

De bern gean mei-inoar yn petear. -Hoe kinne wy de kninen helpe om goede buorlju te wurden? Wat kinne of wat moatte se dwaan? De bern komme mei ideeën. Stjoer it petear sa dat der besluten wurdt om mei-inoar toaniel te spyljen en kadootsjes foar Brombear te meitsjen.

## STAP 3 TAALAKTIVITEIT 1: LIT DY GEAN


Kadootsjes foar Brombear.



Nûgje de bern út om wat te meitsjen foar de nije buorman. Wêr soe Brombear bliid fan wurde? Kinne de bern dat meitsje? Tink oan taartsjes en oar lekkers of kadootsjes.

Nedich foar taartsjes: papieren taartfoarmkes, watten húshâldspûnskes, sjenyljetried, stikken papier, lym. Of: klaai, kralen, dopkes, minykearskes.

Lit de bern in basis útkieze/meitsje en dy fersiere. Besjoch nei ôfrin wat der makke is en bepraat it resept: Hoe hawwe se de kadootsjes makke?





## STAP 4 TAALAKTIVITEIT 2: PRAAT MAR TOANIEL!

### Stap 1

Alle bern sitte yn 'e rûnte mei harren eigenmakke kadootsje en sy binne de kninen. Midden yn de rûnte sit Brombear yn syn hûs achter in (sabeare) doar.

### Stap 2

Fertel dat Brombear hielendal allinne op 'e romte wennet en it poerbêst nei 't sin hat. Fertel dat de kninen neist him komme te wenjen en dat se graach freonen mei him wurde wol.

### Stap 3

De bern betinke mei elkoar hoe't se de kadootsjes jaan kinne. Se tinke nei oer hoe't se prate moatte (liik, lakerich, freonlik, ...). Se tinke ek nei oer mooglike reaksjes fan Brombear.

### Stap 4

Lit ien fan de bern Brombear spylje. Lit Brombear sliepe en de hannen foar de eagen dwaan. De kninen hippe yn 'e rûnte achter elkoar oan. As Brombear wakker wurdt en lûd balt, stean alle kninen stil. Elk betinkt no hoe't hy of sy it kadootsje jaan kin.

### Stap 5

De kninen: 'Folluk, Folluk, mynhear Bear, binne jo thús?'

Brombear: 'Ik bin thús. Wa stiet foar myn doar?'

Brombear wiist in knyn oan dy't it kadootsje jaan mei. Hoe reagearret Brombear? Boas? Bliid? Ferrietlik?



### Stap 6


It knyntsje giet werom yn de rûnte en Brombear giet wer sliepen.

It spul begjint opnij.





# EPISOADE 3 – FREONEN WURDE WOLLE



**Materiaal**  
Brief 3

## STAP 1 IT BARREN

De learlingen krije wer in brief fan Brombear. Hy fertelt dat er likk wie op de kninen, omdat se hieltyd mei alderhande kadootsjes en fragen by him kamen. Mar no fielt er him allinne en wol graach freonen wurde mei de kninen. Hy wol graach spesjaal foar de kninen in gedicht meitsje om it te fertellen. Kinne de bern him helpe? En hy wol graach in kadootsje jaan. In pot huning liket him in goed idee, omdat hy dêr sels sa gek op is.

Gean yn petear mei de bern mei stap 2.

## STAP 2 KAAIFRAGEN

De bern gean mei-inoar yn petear.

-Hoe meitsje wy in gedicht foar Brombear?

-Hoe kin Brombear huning meitsje? De bern komme mei ideeën. Stjoer it petear sa dat der besluten wurdt om mei-inoar in gedicht te meitsjen (sjoch taalaktiviteit De Inktluencer) en te ûndersykjen hoe oft huning makke wurdt (sjoch Fak Taal Formule).

## STAP 3 TAALAKTIVITEIT 1: DE INKTLUENCER

De bern meitsje mei de hiele klasse in listgedicht.

### Stap 1

Start mei de sin 'Wolsto myn freon wêze?' Set de sin op in grut fel papier.

### Stap 2

Lit de bern yn trijetallen goede sinnen betinke mei it antwurd op de fraach: "Wat wolle jim boartsje?". Skriuw de sinnen dy't de trijetallen betocht hawwe ûnder de earste sin op it grutte papier.

### Stap 3

Einigje mei de sin 'Ik wol freonen mei jim wurde.' Skriuw dy sin ûnder de foarige rigels.

### Stap 4

Lês it klasse-listgedicht foar.

### Stap 5

Lês it noch in kear foar en lit de bern it tagelyk útbyldzje.





## STAP 4 TAALAKTIVITEIT 1: FAK TAAL FORMULE

### Taaldoel:

De bern kinne ynformaasje freegje of jaan.

### Ynhâldsdoel:

De bern leare wêrom't bijen hiel belangryk foar ús binne en hoe't huning makke wurdt.

Bear wol graach in kadootsje jaan. In pot huning liket him in goed idee, omdat er dêr sels sa gek op is.

Freegje in ymker yn dyn klasse, gean nei in ymker ta of sjoch de WitWat-útsjoering oer bijen ([tsjil.omropfryslan.nl](http://tsjil.omropfryslan.nl)).

Bepreat mei-inoar wat de bern leard hawwe fan de ymker of fan it filmke. Meitsje in wurdweb mei wurden of tekeninkjes op it (digi)boerd.

Soargje foar ferskillende soarten huning yn 'e klasse. Bijen libje yn ferskillende gebieten. De huning út ferskillende gebieten smakket oars. Kinne de bern it ferskil priuwe tusken de ferskillende soarten huning?

Oanslutend soene de bern in glêzen potsje beskilderje kinne mei glêsferve of sy kinne in stikje stof foar oer it deksel fersiere mei tekstylstiften. Sa helpe sy Brombear om syn kado foar de kninen kompleet te meitsjen.

*Mei it foarlêzen fan it boek by de ôfslutende episoade kinst werom komme op dizze Fak Taal Formule les. Yn it boek stiet Brombear as ymker.*



# OFSLUTENDE EPISOADE: EIN GOED AL GOED

## **Materiaal**

*It printeboek*

*Brief 4*

*Utnoeging feestje*



### **STAP 1 IT BARREN**

De bern krije in kadootsje (mei brief) fan Buorman Brombear en de kninen om harren te betankjen: it printeboek. Gean yn petear mei de bern mei stap 2.



### **STAP 2 KAAIFRAGEN**

Gean mei de bern yn petear: Wat wolle se witte? Werskynlik komme se mei de fraach:  
-Wat soe der yn it boek stean?  
Gean nei stap 3.

### **STAP 3 TAALAKTIVITEIT 1: FERHALEPRAAT**

- De bern sitte mei-inoar yn de rûnte.
- Lit de foar- en achterkant fan it boek sjen. Freegje de bern yn twatallen mei-inoar te praten oer wêr't sy tinke dat it boek oer giet.
- Lês it boek foar.
- Gean mei elkoar yn petear:



#### **1. Belibbing fan it ferhaal.**

Freegje de bern: "Wat fûnst it moaiste?", "Wat fûnst net leuk?", "Wat fûnst grappich?"

#### **2. Ferhaal keppelje oan eigen ûnderfining.**

Freegje de bern: "Hasto ek wolris kadootsjes oan in buorman jûn?", "Hasto ek wolris in boaze buorman sjoen?"

#### **3. Miening oer it ferhaal.**

Freegje de bern: "Buorman Brombear, fynst dy namme by him passen?", "Kinst in oare namme foar him betinke?" "Buorman Brombear, fynst dy namme by him passen?", "Kinst in oare namme foar him betinke?", "Passe de tekeningen by it ferhaal?"



#### **TIP:**

#### **Meitsje in ferteltafel**

1. Foarlêze: Soarchje derfoar dat it boek in pear kear foarlêzen is.
2. Ferteltafel ynrjochtsje: Bepaat mei de bern wat der nedich is om it ferhaal nei te spyljen mei materialen. Lit se dat meinimme of meitsje.
3. It ferhaal neispylje oan de ferteltafel: Earst de juf, dan de juf mei in bern en ta beslút de bern selsstannich.
4. Ferdjipping suggestjes: De bern heakje sels persoanen of eleminten ta oan it ferhaal of de bern betinke in alternatyf ein en spylje dit nei.







## STAP 4 TAALAKTIVITEIT 2: FAK TAAL FORMULE

**Taaldoel:** De learlingen kinne meidwaan oan in ienfâldich rûntepetear.

**Ynhâldsdoel:** De learlingen leare om lichemstaal te lêzen.



Lit de bern yn 'e rûnte sitte.

A. It boek wurdt foarlêzen o/m 'NEE! NEE! NEE! ... rêst litte!'

B. Besjoch mei-inoar de lichemstaal fan Bear en de kninefamylje.

Wat falt jim op? Bepraat dat yn 'e rûnte.

-Bygelyks by de bear: liik gesicht, hannen yn 'e side, driigjende hâlding, rêch takeare, tosken sjen litte.

-Bygelyks by de knynen: laitsjend gesicht, leaf oan sjen, hannen gear, iepen hâlding, sluten hâlding.

C. Lit ien bern de klasse út gean. De groep praat ôf hokker lichemstaal se sjen litte en byldzje dat út as it bern werom yn de klasse komt. Kin dy it goed riede?



## STAP 5 TAALAKTIVITEIT 3: TAALRÛNTE

Der wurdt in útnûging makke foar de âlders om by de housewarming fan Brombear te wêzen. Set de bern yn 'e rûnte.

1. Lit elk bern in feest neame dêr't se ris west ha.
2. Lit in útnûging sjen fan in feestje.
3. Lit de bern tekenje wat de gasten allegear sjen sille op it feestje fan Brombear.
4. Lit de bern yn twatallen oan elkoar fertelle wat sy betocht en tekene hawwe.
5. Lit de bern in útnûging meitjse foar it feestje fan Brombear yn de foarm fan in taaltekening.
6. Skriuw de tekst by de taaltekening.



### TIPS

-Nûgje âlders en/of bern út oare klassen út

-Toan de keunstwurken:

1. De boarters-hûshoeke foar Brombear
2. It klasse-gedicht
3. De kadootsjes
4. Ymker- en/of huning-materiaal

-Lês it boek foar





# 'VERHALEND ONTWERP'

Dit jaar zijn taalactiviteiten niet alleen gekoppeld aan een thema en een Fries boek maar ook aan een 'verhalend ontwerp'. Het thema is dit jaar 'By ús thús' en sluit daarmee aan bij het landelijke thema van de Kinderboekenweek. Het Friese boek voor de onderbouw is 'Buorman Brombear'. Bij 'verhalend ontwerp' gaat het om het onderzoekend leren. Belangrijk daarbij is dat een leerkracht rijke taalgebruikssituaties creëert met specifieke taaldoelstellingen. Het gecreëerde probleem nodigt uit samen te denken, te praten, te overleggen, te lezen en te schrijven. Bij een 'verhalend ontwerp' is een rijke leeromgeving belangrijk. Denk daarbij - naast het inrichten van het lokaal - ook aan het uitnodigen van een expert in de klas of aan een excursie.

Bij 'verhalend ontwerp' wordt gewerkt met episodes, ieder met een eigen doel:

1. Start-episode. Doel: introductie van de hoofdpersoon. De kinderen maken de hoofdpersoon vaak in het groot, zodat hij in de klas goed zichtbaar is.
2. Episode 1, 2, 3,... Doel: het onder de aandacht brengen van steeds weer een nieuw probleem, een kwestie. Kunnen de kinderen een oplossing bedenken? In een open gesprek, een dialoog, moeten de kinderen hun meningen en ideeën verwoorden aan de hand van onderzoekende vragen als 'wat zou er nu moeten gebeuren...' of 'hoe kunnen we... helpen om...'
3. Afsluitende episode. Doel: eind goed, al goed. Het verhaal loopt goed af en de kinderen kunnen de ouders uitnodigen om het te vieren. Daarbij kunnen ze alles laten zien of vertellen wat ze gemaakt en bedacht hebben.

Iedere episode start met een 'barren' (gebeurtenis): een probleem dat de kinderen nieuwsgierig maakt, aan het denken zet en uitnodigt tot onderzoek. Daarbij staan sleutelvragen (kaaivragen) centraal. Dit zijn vragen die kinderen aan het denken zetten en die uitdagen om een oplossing voor een probleem te vinden. Het probleem kan worden opgelost door verschillende leeractiviteiten.





# MEERTALIGHEID

In projecten, waarbij leerlingen moeten nadenken en met elkaar moeten overleggen, heeft meertaligheid en het gebruik van de moedertaal (Fries) een essentiële meerwaarde voor het leren. Op sommige scholen, zoals de drietalige scholen in Fryslân, heeft ook het Engels een prominente plek in de klas.

Toch zien we dat in projecten vaak alleen het Nederlands wordt gebruikt en dat het Fries (en het Engels) nauwelijks aan bod komen. Ook zien we dat er amper aandacht is voor de andere thuistalen van de kinderen. En dat terwijl een goede beheersing van de moedertaal (bijv. het Fries) een positief effect heeft op de ontwikkeling van de tweede taal (het Nederlands). Meertaligheid heeft bovendien een positieve invloed op onder andere het cognitief functioneren en daarnaast worden mensen die op vroege leeftijd een tweede of derde taal leren hier vaardiger in dan mensen die er pas op latere leeftijd mee starten.

Welke taal op welk moment gebruikt wordt in het project, hangt natuurlijk onder meer af van de visie en het taalbeleid van de school en van de taalachtergrond en vaardigheidsniveau van leerlingen en leerkracht. Neem dit vooral mee in de voorbereiding van het project en de verschillende fases. Het kringgesprek kan ook in het Fries worden gevoerd en een feestlied kan ook Engelstalig zijn. Kies bij elke activiteit een taaldoel en een inhoudsdoel.

## Taaltips

- Praat je zelf geen Fries? Stimuleer de kinderen juist wél om Fries te praten.
- Stimuleren om de talen te vergelijken: Pankoek? Dat is grappig: in het Nederlands is het pannenkoek. En kok is in het Fries en Nederlands gelijk.
- Schakel een Friestalige leerling in als coach, die zo nu en dan een vraag of antwoord in het Fries of Nederlands vertaalt.
- Werken de kinderen in groepjes? Zorg dan dat er zo mogelijk een Friese leerling in ieder groepje zit.
- Is het Fries voor sommigen nog moeilijk? Laat de kinderen een activiteit dan eerst in het Nederlands doen en vertaal het daarna naar het Fries.
- Maak als taalondersteuning een woordveld op het bord.
- Luister met de kinderen naar de Engelse versie van het boek:  
<https://www.youtube.com/watch?v=ArGov1bnCIU>





# START-EPISEDE



## **MATERIAAL**

Kopie van het schilderij in een fotolijstje.

Evt. kopieën van het schilderij voor elk groepje.

## **STAP 1 IT BARREN**

Er ligt een fotolijstje in de klas met daarin een afbeelding uit het boek van Buorman Brombear: 'Oeral thús, mar thús it bêste'. De kinderen zijn vast nieuwsgierig. Stimuleer dit. Wat willen ze allemaal weten over dit schilderij? Zie Stap 2.

## **STAP 2 KAAIFRAGEN**

Ga met de kinderen in gesprek over  
-Fan wa is it skilderij?  
-Hoe komme we dat te witten?



De kinderen komen met ideeën. Stuur het gesprek zo dat er besloten wordt om eens heel goed naar het schilderij te kijken. Zie taalactiviteit 1 Besjoch it mar!

## **STAP 3 TAALAKTIVITEIT 1: BESJOCH IT MAR!**



### **1. Ferwûnderje**

Zet het schilderij op het digibord of kopieer de prent voor ieder groepje. Laat de kinderen in groepjes van drie één minuut in stilte de foto bekijken.

### **2. Undersykje**

Laat de kinderen een persoon, object of element uit de foto kiezen. Laat ze vanuit dat gekozen perspectief iets vertellen in de vorm van een raadsel met behulp van de zin: 'Rara wa of wat bin ik? Ik bin...' (Rara, wie of wat ben ik? Ik ben...)

Kunnen de anderen van het groepje raden wie of of wat ze zijn?  
Tip: Willen ze nog een ander persoon, object of element kiezen?  
Experimenteer ermee.

### **3. Besprekke yn de grutte groep**

Van wie zou dit schilderij zijn?  
Waarom denk je dat?





### **MATERIAAL**

Een speel-huishoek met meubels, kledjes, theepot, kopjes, enz.

Een groot stuk karton of papier (behangrol) van ongeveer 2 meter lang, wasco of oliepastel, gekleurde stukken papier of echte kleren.




### **STAP 4 TAALAKTIVITEIT 2: LIT DY GEAN**

#### **IT HÛS FAN BROMBEAR**

Laat de kinderen een fijn huis voor Brombear inrichten in de speel-huishoek. Hang het schilderij erin. Dit huis wordt gedurende het project uitgebreid/aangevuld met nieuwe materialen. Er kan in de klas ook een huis voor de konijnen worden gemaakt.

#### **BROMBEAR**

Ga zelf als leerkracht op het stuk papier liggen en laat de kinderen jouw figuur omtrekken met wasco. Bekijk met de kinderen de omtrek. Lijkt het op een beer? Wat is er nog nodig om er een beer van te maken? Laat de kinderen Brombear maken door van de omtrek een beer te maken. Denk aan ogen, een snuit, oren en klauwen. Kleed de beer aan met gescheurde stukken papier (trui/ broek/ muts). Als de beer van dik karton gemaakt wordt en uitgeknipt met 'losse' armen en benen, dan kan hij ook aangekleed worden met echte kleren. Geef Brombear een plekje in zijn huis.






# EPISODE 1 - WAT IS IN NOFLIK HÛS?

## STAP 1 IT BARREN

Er ligt een brief. Brombear wil zijn schilderij ophalen en ook wel een nachtje in de huishoek slapen. Maar hij vraagt zich af of hij zich daar wel thuis zal voelen...

Ga met de kinderen in gesprek.  
Zie stap 2



## STAP 2 KAAIFRAGEN

-Hoe kunnen we ervoor zorgen dat Brombear zich thuisvoelt bij ons op school?

-Wat is 'je thuis voelen'?  
Stuur het gesprek zo, dat er besloten wordt dat alle ideeën van de kinderen gehoord moeten worden. Dat kan door erover te filosoferen. Zie Taalactiviteit 1 Tink dy tûk!



### Materiaal

Het schilderij 'Oeral thús, mar thús it bêste'.  
Brief 1 (zie laatste bladzij)

## STAP 3 TAALAKTIVITEIT 1: TINK DY TÛK!



Ga in de kring zitten. Kies een van onderstaande filosofische vragen. Geef de kinderen denktijd, laat ze op elkaar reageren. Vraag door naar het argument achter het antwoord. Blijf niet hangen in persoonlijke antwoorden. Geef zelf geen mening. Besef dat er geen goed antwoord is. Is de gekozen vraag voldoende van alle kanten bekeken? Vat dan de antwoorden samen en kies een andere filosofische vraag.

Inleiding: Brombear wil dus wel graag bij ons slapen in de huishoek, maar hij is bang dat hij zich er niet thuisvoelt. Wanneer voelt Brombear zich wel thuis? Op het schilderij staat 'Oeral thús, mar thús it bêste'.

- Kinst dy allinnich thús thús fiele? (Kun je je alleen thuis thuis voelen?)
- Hokker gevoel heart by 'dy thús fiele'? (Welk gevoel hoort bij 'je thuis voelen'?)
- Wat hast nedich om dy earne (ergens) thús te fielen? (Mensen, buren, dieren, groot huis, mooi huis, duur huis, gezellig huis, televisie, tuin, ...?)
- Kin dyn hûs oeral stean om dy thús te fielen? (Kan je huis overall staan om je thuis te voelen?)
- Is taal nedich (nodig) om dy thús fiele te kinnen?
- Hoe wurdt in nij (nieuw) hûs wer in thús?
- Kinst dy yn in oar (ander) hûs thús fiele?
- Kinst lokkich (gelukkig) wêze sûnder thús?
- Fielst dy thús altyd dysels?

Laat de kinderen de speelhoek veranderen en uitbreiden met de wijsheid die is opgedaan met het filosoferen.





# EPISODE 2 – NIJE BUORLJU



## STAP 1 IT BARREN

Er ligt post in de klas. Het is een enthousiast verhuisbericht van de konijnen. Zij komen naast Brombeer te wonen. Zij vragen aan de leerlingen hoe zij goede burenen van Brombeer kunnen worden.

Ga met de kinderen in gesprek, zie stap 2.

## Materiaal

Brief 2

De verhuiskaart van de konijnen.

## STAP 2 KAAIFRAGEN

De kinderen gaan met elkaar in gesprek:

- Hoe kunnen we de konijnen helpen om goede burenen te worden?
- Wat kunnen of wat moeten ze doen? De kinderen komen met ideeën. Stuur het gesprek zo dat er besloten wordt om cadeautjes voor Brombeer te maken.



## STAP 3 TAALAKTIVITEIT 1: LIT DY GEAN

Cadeautjes voor Brombeer.



Nodig de leerlingen uit om iets te maken voor de nieuwe buurman. Waar zou Brombeer blij van worden? Kunnen de leerlingen dat maken? Denk aan taartjes en andere lekkers of cadeautjes.

Nodig voor taartjes: papieren taartvormpjes, watten, huishoudsponsjes, chenilledraad, stukken papier, lijm. Of: klei, kralen, dopjes, minikaarsjes.

Laat de leerlingen een basis uitkiezen en deze versieren. Bekijk na afloop wat er gemaakt is en bespreek het recept: Hoe hebben ze de cadeautjes gemaakt?





## STAP 4 TAALAKTIVITEIT 2: PRAAT MAR TOANIEL!

### Stap 1

Alle kinderen zitten in de kring met hun zelfgemaakte cadeautje en zij zijn de konijnen. Midden in de kring zit Brombear in zijn huis achter een (zogenaamde) deur.

### Stap 2

Vertel dat Brombear helemaal alleen in de natuur woont en het prima naar de zin heeft. Vertel dat de konijnen naast hem zijn komen wonen en dat ze graag vrienden met hem willen worden.

### Stap 3

De kinderen bedenken met elkaar hoe ze de cadeautjes kunnen geven. Ze denken na over hoe ze moeten praten (boos, lacherig, vriendelijk, ... ). Ze denken ook na over mogelijke reacties van Brombear.

### Stap 4

Laat een van de kinderen Brombear spelen. Laat Brombear slapen en de handen voor de ogen doen. De konijnen huppelen in de kring achter elkaar aan. Als Brombear wakker wordt en luid brult, staan alle konijnen stil. Iedereen bedenkt nu hoe hij of zij het cadeautje kan geven.

### Stap 5

De konijnen: 'Folluk, Folluk, menear Bear, binne jo thús?'

Brombear: 'Ik bin thús. Wa stiet foar myn doar?'

Brombear wijst een konijn aan die het cadeautje mag geven.

Hoe reageert Brombear? Boos? Blij? Verdrietig?

### Stap 6

Het konijntje gaat terug in de kring en Brombear gaat weer slapen.


Het spel begint opnieuw.







# EPISODE 3 - FREONEN WURDE WOLLE



**Materiaal**  
Brief 3

## STAP 1 IT BARREN

De kinderen krijgen weer een brief van Brombear. Hij vertelt dat hij boos is geweest op de konijnen, omdat ze steeds met allemaal cadeautjes en vragen bij hem kwamen. Maar nu voelt hij zich eenzaam en wil graag vrienden met hen worden. Hij wil graag speciaal voor de konijnen een gedicht maken om het te vertellen. Kunnen de kinderen helpen? En hij wil graag een cadeautje geven. Een pot honing lijkt hem een goed idee, omdat hij daar zelf zo gek op is. Ga in gesprek met de kinderen, zie stap 2.



## STAP 2 KAAIFRAGEN

Ga met de kinderen in gesprek:  
-Hoe maken we een gedicht voor Brombear?  
-Hoe maken we honing?  
De kinderen komen met ideeën. Stuur het gesprek zo dat er besloten wordt om een gedicht te maken. Zie stap 3.

## STAP 3 TAALAKTIVITEIT 1: DE INKTFLUENCER

De kinderen maken met de hele klas een lijstgedicht.

### Stap 1

Start met de zin 'Wolsto myn freon wêze?' Zet die zin op een groot vel papier.

### Stap 2

Laat de leerlingen in drietallen goede zinnen bedenken die een antwoord kunnen zijn op de vraag: "Wat wolle jim boartsje?" Schrijf de zinnen die de drietallen bedacht hebben onder de eerste zin op het grote vel papier.

### Stap 3

Eindig met de zin 'Ik wol freonen mei jim wurde.' Schrijf die zin onder de vorige regels.

### Stap 4

Lees het klassen-lijstgedicht voor.

### Stap 5

Lees het nog een keer voor en laat de kinderen tegelijkertijd uitbeelden.





#### STAP 4 TAALAKTIVITEIT 1: FAK TAAL FORMULE



**Taaldoel:** De kinderen kunnen informatie vragen of geven.

**Inhoudsdoel:** De kinderen leren waarom bijen heel belangrijk voor ons zijn en hoe honing wordt gemaakt.

Bear wil graag een cadeautje geven. Een pot honing lijkt hem een goed idee, omdat hij daar zelf zo gek op is.

*Met het voorlezen van het boek bij afsluitende episode kun je terugkomen op deze Fak Taal Formule les. Want in het boek zie je buurman Brombear als imker.*

Vraag een imker in je klas, ga naar een imker of kijk de WitWat-aflevering over bijen ([tsjil.omroepfryslan.nl](http://tsjil.omroepfryslan.nl)).

Bespreek met elkaar wat de kinderen geleerd hebben van de imker of van het filmpje. Maak een woordenweb met woorden of tekeningetjes op het (digi)bord.

Zorg voor verschillende soorten honing in de klas. Bijen leven in verschillende gebieden. De honing uit verschillende gebieden smaakt anders. Kunnen de kinderen het verschil proeven tussen de verschillende soorten honing?

Aansluitend zouden de kinderen een glazen potje kunnen beschilderen met glasverf of zij kunnen een stukje stof voor over het deksel versieren met textielstiften. Zo helpen ze Brombear om zijn cadeau voor de konijnen compleet te maken.





# AFSLUITENDE EPISODE: EIN GOED AL GOED



## STAP 1 IT BARREN

De kinderen krijgen een cadeautje (met brief) van Buorman Brombear en de konijnen om hen te bedanken: het prentenboek.

Ga in gesprek met de kinderen, zie stap 2.

## Materiaal

Het prentenboek

Brief 4

Uitnodiging feestje



## STAP 2 KAAIFRAGEN

Ga met de kinderen in gesprek over wat ze willen weten.

Waarschijnlijk komen ze met de vraag: -Wat zou er in het boek staan?

Ga naar stap 3.



## STAP 3 TAALAKTIVITEIT 1: FERHALEPRAAT

De kinderen zitten met elkaar in de kring.

Laat de voor- en achterkant van het boek zien. Vraag de kinderen in tweetallen met elkaar te praten: "Wêr soe it boek oer gean?"

Lees het boek voor.

### 1. Beleving van het verhaal.

Vraag de kinderen: "Wat fûnst it moaiste?", "Wat fûnst net leuk?", "Wat fûnst grappich?"

### 2. Verhaal koppelen aan eigen ervaring.

Vraag de kinderen: "Hasto ek wolris kadootsjes oan in buorman jûn?", "Hasto ek wolris in boaze buorman sjoen?"

### 3. Mening over het verhaal.

Vraag de kinderen: "Buorman Brombear, fynst dy namme by him passen?", "Kinst in oare namme foar him betinke?" "Passe de tekeningen by it ferhaal?"



## TIP:

### Maak een vertelafel

1. Voorlezen: Zorg ervoor dat het boek een paar keer is voorgelezen.
2. Vertelafel inrichten: Bepraat met de kinderen wat er nodig is om het verhaal na te spelen met materialen. Laat ze dat meenemen of maken.
3. Het verhaal naspelen aan de vertelafel: Eerst de juf, dan de juf met een kind en tot slot de kinderen zelfstandig.
4. Verdieping suggesties: De kinderen haken zelf personen of elementen toe aan het verhaal of de kinderen bedenken een alternatief eind en spelen dit na.





## STAP 4 TAALAKTIVITEIT 2: FAK TAAL FORMULE

**Taaldoel:** De kinderen kunnen meedoen aan een eenvoudig kringgesprek.

**Inhoudsdoel:** De kinderen leren lichaamstaal te lezen.



Laat de kinderen in de kring zitten.

A. Het boek wordt voorgelezen t/m 'NEE! NEE! NEE! ... rêst litte!'

B. Bekijk met elkaar de lichaamstaal van Bear en de konijnenfamilie. Wat valt op? Bespreek dat in de kring. dat yn 'e rûnte.

-Bv. bij Bear: boos gezicht, handen in de zij, dreigende houding, rug toekeren, tanden laten zien.

-Bv. bij de konijnen: lachend gezicht, lief aankijken, handen gevouwen, open houding, gesloten houding.

C. Laat één kind de klas uitgaan. De groep spreekt met elkaar af welke lichaamstaal ze gaan uitbeelden en beelden dit uit als het kind terug komt in de klas. Kan hij/zij het goed raden?

### TIPS

-Nodig ouders uit en/of kinderen uit andere klassen

-Toon de kunstwerken:  
1. De speel-huishoek voor Brombear  
2. Het gedicht  
3. De kadootjes  
4. Imker- en/of honing-materiaal

-Lees het boek voor

## STAP 5 TAALAKTIVITEIT 3: TAALRÛNTE

Er wordt een uitnodiging gemaakt voor de ouders om bij de housewarming van Brombear te zijn. Alle kinderen zitten in de kring.

1. Laat ieder kind een feest noemen waar ze een keer geweest zijn.
2. Laat een uitnodiging zien van een feestje.
3. Laat de kinderen tekenen wat de gasten allemaal zullen zien op het feestje van Brombear.
4. Laat de kinderen in tweetallen aan elkaar vertellen wat ze hebben bedacht en getekend.
5. Laat de kinderen een uitnodiging maken voor het feestje van Brombear in de vorm van een tekening.
6. Schrijf Friese zinnen en woorden bij de tekening.



# DE BRIEVEN



Dach bern.

Fan (de direkteur fan de skoalle) ha ik begrepen dat myn skilderij by fersin by jim op skoalle besoarge is. Ik hie dochs echt it goede adres opjûn oan de skilderijemakker. Ik wol hiel graach myn skilderij ophelje, mar moat dêr wol in ein foar reizgje. Soe ik dan in nachtsje by jim útfanhúzje meie? Jim moatte wol witte dat ik it leafst yn myn eigen bêd en yn myn eigen hûs sliep. Jim dochs ek? Tinke jim dat ik my wol thúsfiere sil yn jim lokaal? Hawwe jim dêr eins wol in bêd? En ik moat fansels ek myn tosken poetse kinne. En foardat ik sliepe kin, krij ik altyd earst in kopke mei huning. Kin dat wol? En it moat fansels in bytsje gesellich wêze.

Ik hear graach oft it slagget!

Groetnis fan menear Bear.



Leave bern.

Ynkoarten sille wy ferhúzje. Wy hawwe der in hiel soad sin oan! Wy geane fan de stêd nei in plakje hearlik op 'e romte. Wy krije dêr fansels ek nije buorlju. Hawwe jim ideeën om yn 'e kunde te kommen mei de nije buorlju? Wy wolle fansels in goede yndruk meitsje en graach freonskip slute! As jim ideeën hawwe kinne jim dy wol stjoere nei Stedsgreide 23. 8922 HN yn Gruttestêd.

In hiel soad freonlike groetnissen fan ús allegear!

Famylje Knyn





Dach bern.

Ik wol jim eefkes fertelle wat der allegear bard is nei't ik sa hearlik in nachts je sliedt ha by jim yn de hûshoekel! Ik ha ni je buorlju krigen! Earst wie ik dêr hielendal net bliid mei: in hiele famylje Knyn! Sy kamen hieltyd mar by my oan 'e doar mei kadootsjes en mei fragen! Ik fûn myn plakje altyd sa lekker rêstich. Ik fûn dy drokte mar neat! Ik die hiel liik tsjin de kninen. Mar no ha ik ûntdutsen dat sy eins bêst aardich binne. Ik soe bêst freonen wurde wolle. want sa allinne is ek wol in bytsje iensum. Ik wol it graach goed meitsje mei de famylje Knyn. Ik soe wol in moai gedicht foar harren meitsje wolle om harren te fertellen dat ik graach freonen wurde wol. Soe dat helpe kinne?

Kinne jim my helpe by it meitsjen fan in gedicht?

Ik wol de kninen ek in kadootsje jaan. Se sille fêst bliid wêze mei in sa'n super hearlike pot huning....



Groetnis fan menear Bear.



Hoi leave bêste bern.

Jawis. dit is in kadootsje foar jim fan menear Bear. Wêrom? Omdat jimme my sa goed holpen hawwe! Wy hawwe it no tige nei't sin mei elkoar en hawwe ûntdutsen hoe leuk it is om mei-inoar dingen te dwaan. Dat is sa fijn. Pak dit pakje mar gau út en besjoch mar wat wy allegearre belibbe hawwe. . .

It is allegear goedkaam en dat moat fansels fierd wurde! Nûgje jim heiten. memmen. paken. beppen en buorlju út en lit harren mar sjen hoe't jimme my holpen hawwe om goede freonen mei de kninen te wurden!

In hiel soad groetnissen en bearetuten fan menear Bear en.....ek fan de famylje Knyn!



# DE KAARTEN



Grafysk ûntwerp en  
einredaksje:  
Janke Singelsma en  
Jolanda Verhoef  
Korreksje: Tjitske van Dijk



hogeschool

lectoraat  
Meertaligheid  
en Geletterheid

Cedin

IMO



FERS

de Bibliotheek

Drachten | Smallingerland

afûk



TAALPLAN  
FRYSK 2030